

oktober 2019

de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 64 nr. 5

Wat sit der yn de koer?

PROGRAMMA WINTERSKOFT 2019-2020

Datum	Lokaasje*	Programma
Sneon 9 nov. 2019	Seist-N	Toanielstik 'Hjerst' troch teatergroep Fjoer; sjoch side 4 en 5
Sneon 14 des. 2019	Utert-B	Krystmiddei (mei muzyk)
Sneon 11 jan. 2020	Utert-B	Nijjiersbesite (mei waarm iten)
Sneon 15 febr. 2020	Seist-N	Middei oer Sint Piter
Sneon 21 mrt. 2020	Seist-N	Kabaret 'Hy en Sy' <i>Korreksje datum!</i>

*Utert-B = De Bijnkershoeck, Utrecht

Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist

Boun om Utens

- Moetings-en Ynspiraasjemiddei yn Hurderwyk: sneon 16 novimber 2019. Foar mear details: sjoch de Kritekoer fan septimber 2019. Opjaan foar 26 oktober o.s.
- De Algemiene Gearkomste fan it Boun is op sneon 28 maart 2020. Wy binne te gast by de krite fan De Haach. Plak fan gearkommen is kultureel sintrum Prinsenantier yn Delft.
- Webstek fan it Boun: www.fryskbutenfryslan.fr

Fan de redaksje

De Kritekoer wurdt gearstald troch Jan Piet Bergmans. It korreksjewurk wurdt dien troch Sybren Westra, de opmaak en einredaksje troch Gerrita Otten.

Ferfier nei de krite middei of kritejûn

Wy hawwe foar de nije krite ôfpraet, dat elkenien nei elke middei of jûn komme kinne moat! Dat betsjut dat der nei alle krite gearkomsten auto's ride dy jo ophelje kinne: **Fryske taksy's!**



Om mei te riden: opjaan by Trieneke Vos (030 – 691 6081), uterlik op de woansdei foar de gearkomste. As de tillefoan net opnommen wurdt, dizze boadskip ynsprekke: “Mei Ik wol kommende sneon graach meiride mei de Fryske taksy. Myn tillefoannummer is “

Wy soargje foar safolle auto’s as nedich binne. Jo wurde ophelle by de foardoar en krije te hearren hoe let jo klear stean moatte. Wy rekkenje der op, dat der nêst it bestjoer mear leden binne, dy wol in kear **Fryske-taksy-sjauffeur** wêze wolle! Jou jo der foar op!

It doel: elkenien kin meidwaan; wy binne Mei Inoar Ien!

Fan de foarsitter

De earste Kritemiddei fan dit winterskoft hawwe wy al wer efter ús. De neikommende Kritejûn is dus op 9 novimber. Dizze kear yn Seist, it selskip Fjoer komt mei harren stik ‘Hjerst’. Fierderop kinne jo mear lêze oer dit stik. It liket my tige nijsgjirrich ta. Ik hoopje dat wy dy jûn in soad leden begroetsje kinne.

Ik sit no efter in nije kompjûter, krekt ynstallearre troch myn skoansoan. Ik moat der och sa oan wenne. Der binne mear mooglikheden, mar hy hie gjin tiid mear om alles út te lizzen. Dus dan mar sels útfine, hoe ’t it moat. Dit giet wol aardich, mar it nimt in soad tiid! Letter sil it allegearre wol makliker gean. Krekt kaam myn soan noch efkes lâns en dy hat my ek noch efkes holpen. De printer moast nog oansluten wurde. No docht alles it wer.

De bernsbarn hawwe brûk makke, om harren út te nûgjen yn de hjerst-fakânsje, dy ’t ek al wer kommendewei is. Se woenen mar apart komme. Wêrop ik sei, dat se better tegearre komme kinne, foar it Monopoly-spul.

Mei syn trijen is it dochs leuker as mei 2 persoanen. Se soenen dêr noch oer neitinke. Ik hear it wol tsjin dy tiid.

Hjoed mar in lyts stikje, want ik bin al oan de lette kant. Oare kear mear. Allegearre golle groetnis en foar de sike leden: betterskip en sterkte.

Pietie Westdijk-Kaastra



TEATERGROEP FJOER SPILET

HJERST (HJERST YN SCHOORL)

Fan Bert Bunschoten en Wigbolt Kruyver

Fryske oersetting: Baukje Stavinga

Rezjy: Afke Toren

Spilers: Baukje Stavinga en Jelle Terwal





Krite MEI INOAR IEN

It bestjoer noaget jimme út
foar teatergroep FJOER
mei it toanielstik

Hjerst



Elk jier bringe Herman en Paulien van Beem yn de hjerst in pear dagen troch yn it ienfaldige simmerhúske fan syn broer.

It jierlikse útstapke is in fêst beaken yn harren oardere bestean. Yn wat nei alle gedachten harren lêste hjerst yn it simmerhúske wurdt, (mynhear van Beem wurdt nei syn pensioen pleage troch stimmingswikselingen en betizing), sjocht it pear werom op in lang net altyd even maklik ferrûn houlik.

De tiid dat se inoar definityf loslitte moatte, komt yn sicht. Mar hoe dogge je dat nei hast fyftich jier tegearre?

- Datum:** sneon 9 novimber 2019
Lokaasje: Noorderlichtkerk, Bergweg 92B, Seist
Oanfang: 20:00 oere
Seal iepen: 19:15 oere
Yntree: € 10,00
Frykse taksy: opjaan úterlik woansdei 6 novimber



Dizze jûn ek ferlotting, ferkeap oranjekeaken en ferkeap healsliten boeken!



Yn de foarige Kritekoer is al neamd dat Jimco Zijlstra ferstoarn is. Troch alle drokte mei de nije krite en de nije Kritekoer en sa is it der net fan kaam om oan it ferstjerren fan Jimco Zijlstra wat mear omtinken te jaan. Dat meitsje wy no goed.

Yn memoriam

Jimco Zijlstra is berne op 28 oktober 1933 yn Hallum. Hy hat by it Ministearje fan Definsje wurke. Yn 1980 is hy lid wurden fan krite Fryslân en yn 1989 naam hy it foarsitterskip fan de krite op him. Dat hat hy jierrenlang dien.

Yn 2001 is it 100-jierrich bestean fan de krite fierd. Der is in jubileumboek útkaam. Yn dit boek stiet in stikje 'Fan de foarsitter'. Hjiryn neamt Jimco allegearsaken dêr't wy bliid mei wêze mei, sa as in warber bestjoer mei goede ûnderlinge ferhâldingen, mar ek in aktive âldereinkommisje, in warbere boekeferkeaper, in toanielploech dy't by Seist, Utert en oare kriteren goed oanskreaun stiet, it kreaze ynformaasjebledsje 'De Kritekoer' dat yn goede gearwurking mei krite 'Mei Inoar' út Seist gearstald wurdt. Út alles sprekt dat wy meiinoar de karre lûke.

Jimco sei dat ek : "Myn stim is net belangriker as dy fan de oare bestjoersleden. Der moat in gesicht nei bûten wêze en dat is no ien kear de foarsitter."

Ik fûn Jimco in goede foarsitter en ek syn optreden mei it jubileumfeest yn 2001 (mei in resepsje, in bôlemiel en it programma fan Rients Gratama) wie treflik. Yn 2003 fûn Jimco dat it tiid wie foar in oare foarsitter en waard bestjoerslid ôf. Hy sei: "Ik wol no ek wolris yn de seal sitte". Dat hawwe Jimco en Gerry ek jierrenlang dien.

De lêste jierren fan Jimco wienen dreech. Hy is 85 jier wurden. Dat hy rêste mei yn frede.

Jan Piet Bergmans



45e Fryske Bûsboekje mei poëzy oer 'tiid'

Alle jierren jout De Ried fan de Fryske Beweging it Fryske bûsboekje út. It nije Fryske Bûsboekje (2020) leit yn 'e winkels of is te bestellen fia www.busboekje.frl. Dit jier is it tema: 'tiid'. In moai tema foar in boekje dat jo it hiele jier troch yn de bûse ha. In feilich plak yn dizze digitale tiden en ynternet dat net mear sa feilich is.

De direkte oanlieding foar it tema is de aktuele diskusje oer simmer- en wintertiid dy't it kommende jier trochgiet. Wêr kieze wy foar: simmertiid of wintertiid? Wurdt 2020 it lêste jier dat wy twaris de klok fersette?



Dichterskriich

It tema 'tiid' lient him foar poëzy. It nije Bûsboekje befettet dêrom in bydrage fan Janneke Spoelstra. Fierders organisearret de Bûsboekjeredaksje in poëzykriich oer it tema tiid. Dichters (yn spee) wurde útnûge om in gedicht te skriuwen oer 'tiid' of in oar tema. Dat mei yn it Frysk of ien fan de oare streektalen dy't yn Fryslân sprutsen wurde. Der binne al in tal ynstjoerings binnenkaam. Mar der kin noch wol wat nije poëzy by. Falbile foar ynleverjen: wannear't wy de klok wer in oere tebek sette. Dat stiet fansels yn it Bûsboekje: op 27 oktober 03.00 oere simmertiid (= 02.00 oere wintertiid). Alle ynformaasje oer de 'poëzykriich' is te finen op: <http://bûsboekje.frl>.

Oare Jo op sneon 5 oktober fan Joke Zandstra-van der Woude

Mei 25 man hawwe wy yn de Bijnkershoeke nei de dokumintêre *Oare Jo* sjoen fan Joke Zandstra-van der Woude. In film oer it hast ferswijde bombardemint fan de alliearden op it fleanfjild fan Ljouwert, mooglik troch in tekening, wa wit? Der falle 9 bommen op Bitgummole. En lytse Jo en oaren kamen derby om it libben. Der waard jierren net oer praat. Mar har portretsjie hong wol oan de muorre. De suster fan Joke, Anna Marike, kaam moai yn byld op har syktocht nei de skiednis.

Nei it skoft krigen wy in koarte dokumintêre te sjen oer Bolletongersdei te Boalsert. Prachtich hoe't it Fryske hynder ynspand waard foar de karre foar it ringstekken. Boadskip foar wa't der net wêze koe jo hawwe wat mist!

Harke

**BESTJOER & MEIWURKERS**

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaastra
til. (030) 2318 224, mail: pcwestdijk@planet.nl

Skriuwer & redaksje Kritekoer:
Jan Piet Bergmans
til. (0347) 320 093, mail: j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder & lede-administraasje:
Jan Roelants
til. (030) 2010 118, mail: jhw.roelants@online.nl

Bestjoerslid: Harke Hofman
til. (0347) 377 703, mail: harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid & 2^e skriuwer:
Gerrita Otten-Onrust
til. (030) 2625 897, mail: g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Nieske Schurer
til. (030) 2251 447, mail: nschurer@casema.nl

Bestjoerslid: Trieneke Vos
til. (030) 6916 081, mail: tvos51@kpnmail.nl

Aldereinsaken Utert: Frou J. Wielinga
til. (030) 2617 816

Sosjale kommisje Seist: Trieneke Vos (sjoch hjirboppe) &
Boukje Andringa-Brattinga
til. (0346) 216 240, mail: boukjeandringa@kpnmail.nl

Ferstjoeren Kritekoer: Pietie Westdijk en Harke Hofman

Bank Mei Inoar Ien: NL05 INGB 00 00 194027, o.n.f. Selskip Fryslân



Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?
Graach ynleverje by de skriuwer!

Slutingsdatum kopij:

woansdei 20 novimber 2019